

**Stipe.frl wil de mienskip ondersteunen in het opzetten van culturele activiteiten.**
Foto: Rens Hooyenga




**De homepage van de website Stipe.frl**. Foto: FD

troleren of ze alles verantwoord en doordacht hebben."

En wat handig is: het projectplan kan online via Stipe.frl uitgewerkt worden. Baarsma: „Dat heeft als voordeel dat er tegelijkertijd gewerkt kan worden. Iemand uit Sneek kan bijvoorbeeld in de toolbox werken aan het organisatieplan, terwijl iemand uit Dokkum tegelijkertijd het onderdeel communicatie onder handen neemt."

Stipe.frl is zo ingericht dat zowel de toolbox als de Kennisbank via dezelfde vijf categorieën zijn ingericht: het artistieke plan, het organisatieplan, het productieplan, het communicatieplan en het financiële plan.

**Naslagwerk**

Het *Plannenboek. Cultureel organiseren met passie en verstand* is een aanvullend naslagwerk, zegt Baarsma, behorend bij Stipe.frl dat volgens diezelfde categorieën is ingedeeld. „Terwijl het plannenboek als inspiratie dient en om thuis te raken in alle aspecten, dient de kennisbank op Stipe.frl vooral om informatie in kleine brokjes te verduidelijken. Als je bijvoorbeeld wilt weten hoe het zit met de aansprakelijkheid van het bestuur, kun je daar middels een zoekfunctie heel gemakkelijk antwoord krijgen."

Op Stipe.frl is ook het prikbord te vinden. Een digitale ruimte bedoeld voor initiatiefnemers die kunnen aangeven met welk project ze bezig zijn. In de praktijk wordt een project pas op het prikbord gezet als het al een duidelijke vorm heeft gekregen. „Via een zoekfunctie, bijvoorbeeld op thema of locatie, kun je dan kijken of er nog anderen in je directe omgeving met een project bezig zijn, of met een vergelijkbaar project. Het prikbord kan dienen als ijkplek of anderen heil zien in het project en het kan ook een plek zijn om vragen te stellen - 'Ik kom niet uit de begroting, kan iemand met me meedenken?' - of een plek om samenwerking te zoeken met een ander project. Het is dus echt bedoeld voor mensen aan de achterkant van het project."

> Het prikbord is een digitale ruimte waar initiatiefnemers kunnen aangeven met welk project ze bezig zijn

De workshops die voortvloeien uit Stipe.frl worden inmiddels druk bezocht. Baarsma: „Tijdens zo'n workshop staat steeds een ander aspect van het organiseren van projecten centraal. Hoe zorg je dat je vrijwilligers krijgt bijvoorbeeld, of hoe zet je crowdfunding in of hoe schrijf je een projectplan of hoe werf ik fondsen." Keunstwurk vindt persoonlijk contact erg belangrijk. Baarsma: „Als de plannenmakers er ondanks Stipe.frl of het *Plannenboek* er nog niet uitkomen, dan kunnen ze via een mail contact opnemen met Keunstwurk. Wij zorgen er dan voor dat de vragen bij de juiste adviseur komt die dan mee gaat denken en adviseert."

Door Stipe.frl is alle kennis omtrent het opstellen van een projectplan veel toegankelijker geworden. Brans: „No wurdt ek helderder wêr't minsken de measte stipe by nedich hawwe." En dat blijkt toch het gebied van de organisatie te zijn. En dat heeft weer te maken met de huidige ontwikkelingen in het culturele veld. „Der binne folle mear adhoc- en interdissiplinêre aktiviteiten en foarstellingen as foarhinne. Fansels binne der noch hieltyd wol fakmjittige útfierings út eigen ferienings wei, tink oan in konsert fan in korps of een dûnsploech en dy sille ek net sa gau ferdwine. Mar der komme no dochs folle faker *cross-overs*. Dat in toanielfereniging in projekt docht op in basisskoalle, dat der in in nij soarte fan tsjerkepaad komt mei in kulturele *boost*, dat in korps meidocht oan in iepenloftspul. Dat freget om in oare opset fan projektplannen. Stipe.frl kin dêr dan, ek nei 2018, prachtich by helpe."

www.stipe.frl

# Jelle en de rútsjedrop

## Koart ferhaal

Jabik Jans

It doarp Langhuzen hie noch fiif winkels en trije bakkers doe't Jelle op de legere skoalle siet. Moarns betiid roek it lekker fan bakte bôle en by it middeisskoft hong op 'e hoeke by smid Bos wittefaak de lucht fan it beslaan fan hynders. Oan it Masterspaad, flak by dy hoeke, stie in winkeltsje dat alle bern **yn de besnijing** hie. Op 'e doar wie in grut boerd skroefd: 'Op woensdagmiddag zijn wij zelfs voor echte Sunlight zeep gesloten.' Alle minsken yn it doarp seinen fansels fan sunlicht sjippe, want bûten de grifformearde dûmny en de masters koe net ien noch in wurd Ingelsk.

Likegoed, as jo dochs wat hawwe moasten wie ek op woansdei-temiddei de winkeldoar gewoan iepen, want om yn it wenhûs te kommen moasten jo troch deselde doar. It nijsgjirrige fan dy winkel wienen de stopflessen mei **snobbersguod**. **Guon** flessen sieten kleurige **soerstâlen** yn en wer oaren wienen folstoud mei spekjes en suertsjes. It alderlekkerst wienen de grutte rútsjedroppen. It lange ein fan sa'n drop wie wol fiif sintimeter en sa paste er krekt op in bernetonge. Ien dy't wat sunich der mei om gie koe wol in healoere op sa'n drop omslikje. De iennichste swierrichheid wie de priis: twa droppen foar in grouwe **stoer.**

> De man seach de jonges ris op en del oan: „Witte jim heiten en memmen hjir fan?"

Thús hoegde Jelle net te seuren om sokke droppen. „**Sliners** en snobbers wurde net berne mar makke." sei mem altiten: „Om iterstiid ite wy en middeis út skoalle kinst in stik koeke krije. Fierders wurdt hjir net slynd." Soks kinne memmen wol sizze, mar as de bern fan de asosjaalste húshâlding fan it doarp wol mei de hannen fol drop omrinne, tinke jo as bern der dochs oars oer. Jelle wie wol gauris **útfanhûs** by famylje yn Ingwierrum. Dy alderaardichste muoike hie in bus fol pipermuntsjes en drop. Alle kearen nei iten kaam dy bus foar't ljocht en krige elk in dropke en in muntsje. „Goed foar de spiisfertarring", sei muoike dan. Mar Jelle koe noch sa piipje en seamelje, syn eigen mem woe der net oan.

Jelle syn maat wie ek sljocht op sokke droppen en dy hie in foefke betocht: „Op goud nei is lead it djoerste metaal wat der is. As wy âld lead byinoar fandelje slagge wy mei de hammer it spul yninoar en dan wurdt it noch swierder. De smid wol der dan fêst wol in stoer foar jaan en dan hawwe wy elk in rútsjedrop." Sa strúnden de beide maten it **jiskelân** ôf en ek yn de hokken fan de heiten lei noch wol wat âld lead. Al gau hienen se wol twa pûn byinoar skarrele. In hiele middei út skoalle wei waard der mei in hammer op om hufke oant it net fierder yninoar woe. Doe nei de smid: „Bos, is dit wol in **stoer** wurdich?" De man seach de jonges ris op en del oan: „Witte jim heiten en memmen hjir fan?" De beide jonges wienen net roomsk, oars hienen se fanwegen harren antwurd letter nei de pastoar moatten om te bychtsjen. Sadwaande krigen se de begeare fiif sinten. Doe moast noch in **gaadlik** momint fûn wurde om de droppen te keapjen.

De mem fan Jelle gie woansdeitemiddeis altyd nei pake en beppe op 'e Geast om te **himmeljen.** It middeisiten moast dan altyd **halje-trawalje** barre, want de bus nei Dokkum gie om ien oere en net in tel letter. Meastal waard it **bargebiten** omdat de trije lytskes yn de húshâlding it spul sa gau net fuortkôgje koenen. It bibellêzen skeat der dan ek wol ris by yn. It like Jelle en syn maat it bêste ta om it keapmomint fan de droppen te setten op sa'n woansdeitemiddei as de bus krekt fuort wie. De skoalle begûn wer om healwei twaen en dan koenen se de drop krekt op 'e tiid opslikke hawwe. Memme-eagen soenen dan net oer it snobjen gean kinne.

Goed ien oere stapten de beide maten troch in steechje nei it winkeltsje. „Ik bin oars wol ticht op woansdeitemiddei", woe de winkelfrou hawwe. „Wy hoege allinnich mar twa rútsjedroppen", seinen de jonges en leinen de stoer op it **foech** toanbankje. Doe koe de frou net mear wegerje. De stopflesse waard iepen makke en elk fan de jonges krige sa'n drop yn 'e hân. Fuortendaliks kaam it ding yn 'e mûle fansels. Hjir hienen se dagen nei útsjoen. Der wie gjin lekkerder.

Oer it Masterspaad rûnen de bazen op 'e hoeke by de smid oan. Ynienen seach Jelle dat der noch folk by de bushalte stie. De bus wie dúdlik te let. „Wat moasto dêr by dy snobwinkel!", waard Jelle taraasd. Mem har eagen skeaten fjoer. Hja wie al **ferwoeden** dat de bus te let wie, want sa soe hja de oansluting yn Dokkum misse. Jelle koe net goed antwurd jaan, want de grutte drop siet tefolle yn 't paad. Sa seach mem it snobbersguod. „Smoarge jonge! Mem har jild fergrieme? Wêr hiesto dat wei pakt? Sa sille wy hjir net!" Lokkich kaam de bus der doe krekt oan mar Jelle siet dy middeis net noflik yn 'e klasse.

> Goed ien oere stapten de beide maten troch in steechje nei it winkeltsje

De jûns doe't mem wer thús kaam wie hja noch lilk, ek doe't Jelle útlein hie dat it jild net by har wei kaam. „Tenei kinst mem freegje ast wat hawwe wolst. Grouwe stoeren moast tenei thús bringe. Sok skoander jild giet net wer nei sa'n snobwinkel."

**Yn 'e besnijing** bezig houden
**Snobbersguod** snoepgoed
**Guon** sommige
**Soerstâlen** zuurstokken
**Sliners** snoepers
**Utfanhûs** logeren
**Jiskelân** plaatselijke vuilstortplaats
**Stoer** stuiver
**Gaadlik** geschikt
**Himmelje** poetsen
**Halje-trawalje** snel
**Bargebiten** spel dat op ruzie uitloopt
**Foech** klein
**Ferwoeden** woest